

# Programma Merke 2021

## Freed 27 augustus

### **9.30 Bernekeatsen**

Foar de bern oant en mei 15 jier. Der is gjin minimum leeftyd, mar de dielnimmers moatte it spultsje fansels wol kinne. Ynklysyf patat, ranja, iis & lekkers.

*Wy freegje in bydrage fan 5 euro per bern, graach by oanfang betelje. Opjaan dochst fia it opjefteformulier.*

### **10.30 Bernespultsjes**

Foar de bern fan groep 1 o/m groep 6 hawwe wy in hartstikke leuk spulprogram betocht. Fansels mei wat lekkers ûnderweis en patat en iis nei ôfrin.

*Wy freegje in bydrage fan 5 euro per bern, graach by oanfang betelje. Opjaan dochst fia it opjefteformulier.*

*Âldere bern en âlders dy't ús graach helpe wolle binne fan herte wolkom (graach ek opjaan).*

### **13.00 Springkessen op it fjild**

Middeis stiet der in springkessen op it fjild, dit is ornearre foar bern oant en mei groep 6.

### **14.00 Supclinic**

Om jim kennis meitsje te litten mei dizze razendpopulaire sport is der foar de bern fan groep 7 o/m 15 jier in supclinic ûnder lieding fan it echte supskoalle. Wy sammelje by it Weidumerhout. Nei ôfrin is der foar elkenien wat drinken en lekkers.

*Foar dizze aktiviteit freegje wy in bydrage van 10 euro per persoan, graach by oanfang betelje. Opjaan kin fia it opjefteformulier, doch dit sa gau mooglik, want fol=fol.*

## **Sneon 28 augustus**

### **10.00 Merkekeatsen**

Wat is in merke sûnder keatsen?! Eltsenien (15+) kin wer meidwaan oan de Merkepartij. Krekt as oare jierren is der yndividuele opjefte.

*Opjaan dochst fia it opjefteformulier. Dielname is fergees.*

### **11.00 55+ aktiviteit**

Foar de Weidumer fiifenyftichplussers is der dizze moarn in geselliche aktiviteit. Lykas as oars is dit alles ûnder it genot fan in hapke, drankje en in bulte wille. Wy sammelje by it doarpshûs.

*Foar dizze aktiviteit freegje wy in bydrage van 10 euro per persoan, graach by oanfang betelje. Opjaan kin fia it opjefteformulier,*

### **14.00 – 18.00 Lekker ite en neisitte**

Noflik bekomme en gesellich mei-inoar genietsje fan hearlik iten fan Roelof (foar elkenien, dus ek foar de net-keatsers).

*De kosten foar it iten binne 12 euro per persoan. Wol graach opjaan fia it opjefteformulier.*

**En dan fierder noch:**

- hâld jim by alle aktiviteiten oan de jildende coronamaatregels
- it is foar ús hiel wichtich dat elts him opjout foar de ferskate aktiviteiten, dit kin oant en mei **snein 22 augustus**. Opjaan dochst troch it opjefteformulier (sjoch [www.weidum.eu](http://www.weidum.eu)) yn te foljen en te mailen nei [merkeweidum@gmail.com](mailto:merkeweidum@gmail.com)
- mooglike oare fragen kinst ek fia de e-mail stelle
- wy komme net by de doarren del mei de merkelist, derom freegje wy lytse bydrage foar in oantal aktiviteiten. Betelje kin mei pin & kontant.
- Wolle jim ús noch graach stypje mei in frijwillige bydrage dan kin dit oer de bank: Rekkennûmer **NL43ABNA0443266700** t.n.v. SVV Weidum.
- âlders binne altyd ferantwurdlik foar har eigen (minderjierrige) bern
- der wurd gjin alkohol skonken oan minsken ûnder de 18 jier
- by min waar wurdt it programma (as it nedich is) oanpast
- alle aktiviteiten binne op eigen risiko
- sjoch foar updates regelmjittich op [www.weidum.eu](http://www.weidum.eu).